

## De brânstofhannel fan Klaas v.d. Vlucht en Griet Stellingwerf

Us heit siet al jong yn de brânstofhannel omdat syn heit, Sybren v.d. Vlucht, al mei it selde berop de kost fertsjinne. Dêr naam ús heit de saak fan oer. Us pake hie de hokken foar de opslach op de Suderkade. Dêr stie in âld skiphús en dat wie har grutste hok. Us pake en beppe wennen de earste jierren fan har trouwen op in skûtsje fan 62 tonne mei de namme: "Ziet op u zelve." Dêr siet doe noch gjin moter yn. Hij moest it fan silen ha en as der net syld wurde koe dan moest der ien yn de beage. Mei dat skip helle ús pake sels de turf achter út Drinte wei. Bij Emmer-Compasuum en sa. Yn dy wereld. Sa gong er dan nei Drinte en helle dêr in fracht turven wei. Us beppe sylde altyd mei. Doe hiene se noch net in hûs. Sadwaande is ús heit yn 1905, op ien fan dy tochten, yn Assen geboaren. It wiene grutte reizen. In pear jier letter ha ús pake en beppe in hús kocht en kamen se op de Suderkade te wenjen. Letter krigen we de turf yn Grou oanfierd troch in skipper. Dat skip lei dan yn de Baai. Dêr legen se it skip en de turven kamen dan yn ús hok. Us heit hat dus net folle mear op it skip west.

De hannel bestie foarnamelijk út turf. Turf is lang brûkt want it wie maklik stokersguod. Foaral hurde turven. Dy neamden we baggelers of sponturven. Der wiene ek lange turven dy brûkten de bakkers yn de oven. En dan hiene je noch de lytse fjouwerkante turfkes. Dy ferkochten ús heit-en-dy fierwei it measte. It wie suver in fabrykspatroan. In soarte persturfkes. De minsken kochten dy persturfkes it meast de 50. Dy koe ús heit yn in koer hâlde en dy koer hie er dan op it skouder want se moesten hast altyd boppe op de solder brocht wurde. De lytse huzen hjirre hiene ûnder gjin plak om dêr ek noch in brânstofhok te hawwen. De turven waarden altyd teld en as men ús heit net fertroude dan telde men de turven hurd even nei. Mar as se bij de boeren lâns gongen mei in pream fol turf, dan gong it oer 1000 of 2000 turven, dy moesten se opsette. De boer sei dan: "Se kinne wol yn dy hoeke", mar dan wie it net yn dy hoeke delgoaie. Nee, dy moesten moai delsetten en opstapele wurde.

Yn it begjin hiene se ek noch talhouten te keap. Dat wiene stikjes ikehout fan sa'n 25 sm. lang en as in pols sa dik. De bast wie der ôfhelle en waard brûkt bij it leerlooien. Yn kûpen, fuld mei wetter en ikebast, diene se de hûden fan kij en oare bisten om der lear fan te meitsjen. Dat hout wie einliks waardeloos mar de branstofhanlers kochten dat. It talhout hie ús pake op'e solder. Dat hie in hearlike geur en fersmoarge net bot. Dus dat wie in moaie hannel. Mar dat koe allinne mar brûkt wurde doe't der kachels stookt waarden mei echte branje. Stikjes talhout koene ek goed yn in stove. As de minsken noch in moai stikje hiene en se gongen op bêd dan hellen se dat bij de jiske wei en diene it yn'e doofpot. Dan ferbrânde it net fierder en koe de oare deis brûkt om de kachel wer mei oan te setten.

Letter kaam de antarsyt en dat spul. De feroaring gong stadichoan want de kachel moest der neffens wêze. De kachel gong eartiids jûns út. Moarns as je der ôfkamen moesten je earst de kachel wer oansette. Letter kamen der kachels dy't nachts trochbrâne koene. Jûns diene je kaai yn de piip hast ticht, dan wie der gjin trek mear, en moarns koene je de boel wer oppokelje en begong de kachel wer waarmte te jaan. Dy kachels neamden we haarden.

De antrasyt goaiden se op in seef en it fine spul dat troch de seef foel bewarren se op in bult oant der sawat in autolading fol fan wie. Dan ferkochten se it wer oan de gruthannel. Dy soarge dat it wer yn Limburch kaam en dan brûkten se it dêr wer foar de eierkoalen. De kooks dy hellen se út Akkrum, want dêr stie in gasfabryk dy't it gas út de antrasyt helle. Dat spul wie folle lichter. Doe't ik as grutte jonge help koene je in sek mei kooks skoan sjouwe. We ferkochten fansels ek eierkoalen. Eierkoalen wie heel raar guod. Dy wurde makke fan stof en der sit in protte tarre yn. As je mei eierkoalen wurken op sinnige dagen dan bleau it stof op hannen en gesicht hingjen. Jappie Betten help ús wol mar dy koe dan middeis net wer helpe want dan wie er spekiepen. Sok raar guod wie dat. Mei kameraden ha ik ek wol holpen. Us heit sei dan: "Jimme kinne wol in pear sinten fertsjinje." Dan skepten de manljue yn de eierkoalen en wij diene oars net as der wetter oerhinne goaie. Wiet, wiet,

wiet. Dan stode it net. En yn it hok waard it wetter wol wer wei. De swarte brand ferkochten we de mudde. We hiene in prachtige grutte tûne. Dy moest oan de kop ta fol en dan hiest in mudde. ( 1 hl ) As it nei de klanten ta gong dan legen se dy tûne yn twa sekken. Oars wie it te swier. As de minsken fjouwer mud bestelden dan kaam dat yn acht sekken. De swarte brand kaam net op solder mar meast ûnder yn in apart hokje. We hiene twa karren om de branje bij de klanten te bringen. In brede karre en in smellen ien. De smelle karre moest brûkt wurde om yn de steechjes en de Westerbuert bij de klanten komme te kinnen. Us heit hie it altyd ferskriklik yn de rêch mar bleau noait thús. Dy rêchklachten wiene kommen troch it triuwen fan de swiere karren mei branje, fan de Suderkade troch de Boochstrjitte dy't omheech rûn, nei de klanten ta. Dat swiere triuwen kaam ek tige op de fuotten oan.

Us heit gong net bij de minsken lâns om te freegjen. De minsken kamen bij ús om te bestellen. Yn Grou wiene doe 5 brânstofhanlers. It grutte probleem kaam yn de oarloch. Doe moest elkenien sizze: Ik helje bij Klaas v.d. Vlucht of ik helje bij Piet Sietema en dan moesten je dêr ek klant bliuwe. Bij in particulier wie dat net sa slim mar no moesten se bijg. nei de skuonwinkel fan Auke Bink. Dy hie se beide as klant mar moest ien kieze, Dus lotsje. Dat wie doe heel ferskriklik. Foar Bink ek. De winkeljue, der wiene hjir in soad, moesten in keuze meitsje en dy hiene elkenien as klant. De brand hat op de bon west en as ús heit foar 180 ienheden brand hie en in goedkunde of famylje sei ik ha net mear in bon en ús heit jûch royaal út dan krych hij sels ek hyltyd minder.

De minsken betellen net altyd drekt. Us heit wie heel goed en der wiene ek in protte minsken dy't seine: "Ik ha no gjin sinten Klaas mar freed barre we wer dan bring ik it wol. Us mem wie wat kweader en dy sei wol: "Dit moat ophâlde hjer, dit kin net mear." Us heit hie earder begrutsjen mei de minsken. Hij sei: "Se kinne net yn de kjeld sitte." En sa binne we ek wol ris wat kwytrekke. Dan hiene dy minsken skuld en dan kamen se bij ús mem om nije want it spul wie op. Dy sei dan: "Hjir stiet ek noch wat." "Ja mar ik ha jild bij mij." Dan betellen se ien mud ôf en kochten der twa bij. As je dan letter om dat jild fregen seine se: "Dat ha ik al betelle." "Nee, jo ha doe ien betelle." Bewiis dat mar ris. Je moesten dus ôfgrysluk oplette. Der stie faak neat op papier.

Us heit-en-dy bestelden doe bij de gruthannel. Dat wiene saken yn Ljouwert. Dêr bestelde ús heit antrasyt 2 of eierkoalen en sa. Dat kaam dan yn in wagon bij it spoar yn Grou oan en moest as de bliksem lost wurde. De wein fan it spoar moest sa gau mooglik leech want der siet in soarte fan boete op as it te lang duorre. Dan moesten je bijbetelje. Dus Abe Kooiker moest mei syn auto fuort en daliks komme. Alles waard dan earst yn sekken skept en Kooiker ried mei syn auto de boel nei ús hok ta. Dêr waarden de sekken lege en dan as de donder wer mei de lege sekken nei it spoar ta. Dat wie in heel wurk.

Letter, nei de oarloch, hold Duker op as brânstofhanler en De Leeuw kochten se út. Doe gongen de trije dy't noch oerbleaune bijelkoar. Dat hat in hele ferstannige set west. Doe wie der mar ien brânstofhannel mear yn Grou en de trije mannen wiene alle trije "direkteur". Dat wiene Piet Sietema, Louw Atema en wij. Ien hie doe al it rydbewiis en de oare krige it koart dêrnei. Doe koene se ek in auto oanskaffe. Abe Kooiker hoefden se net mear te freegjen. Us heit woe it autoriden net mear leare. Bij it spoar lieten se in nije opslach sette. It lossen fan in wagon koalen waard doe in ein makliker. Mei in transportbân koe it yn ien kear út de wagon yn de nije opslach brocht wurde.

Foardat it gas út Grinslân wei yn Grou kaam wiene hjir al gaskachels dy't op gasoalje brânden. Wij ferkochten dy gasoalje ek. Dat gong bûten de saak om. Se moesten wol mei dwaan oan de nije ûntwikkeling mar se diene it net fan harte. Gasoalje wie raar spul ast der mei griemdest of ast it yn de klean krigest. Heit en Piet hiene al frij gau dêr har nocht fan. Us heit en Piet seine: "Dat gestjonk wolle wij net ha." Mar Louw Adema is trochgongen. Doe misten we al in heel soad klanten want der kamen ek frachtauto's mei gasoalje út oare plakken wei dy't dat yn Grou ferkocht.

Us heit wie doe net âld genôch om op te hâlden en neat mear te dwaan. Dêrom hat er oant syn pensjoen ta noch inkele jierren bij Halbertsma west. Oan de oare kant fan de Grou bij de houtopslach. Dêr hie er it o sa goed. Us heit sei wol ris: "Ik snap net dat se hjir winst meitsje." Hij seach minsken net altyd troch wurkjen en der wiene lange pauzes. Dat wie ús heit noait wend west.

*Sybreu v.d. Vlucht.*

